Yn dit akkoart beskriuwe wy de ûnderwerpen dêr’t wy de kommende jierren oan wurkje wolle. Dêrby wolle wy genôch romte litte oan de mienskip en de ried om by te stjoeren, oan te folgen en kânsen te benutten. Dêrmei wolle wy ynsette op gearwurking yn in iepen bestjoerskultuer en hawwe wy omtinken foar elkenien, om it fertrouwen yn de polityk te fergrutsjen. Dat dogge wy transparant, tsjinstber en posityf, en tagelyk ek mei omtinken foar de grutte útdagingen dy’t op gemeenten en mienskip ôfkomme.

Dy útdagingen pakke wy oan mei ús mentaliteit fan “oars as oars” en “trochpakke”. Dêr heart ek by dat wy earlik en dúdlik binne oer wat wol en net kin.

Elts is oars en dêr sit ús krêft! Mei-inoar soargje wy dat eltsenien meidwaan kin en ús mienskip bloeit!

PROGRAMMA 0: GEMEENTE, ORGANISAASJE, GEARWURKING EN FINÂNSJES



Achtkarspelen is in gemeente fan sterke doarpen, grutske ynwenners en in hechte mienskip. Us gemeente hat in eigen, frijfochten karakter: nochter, ûndernimmend, belutsen en woartele yn de Fryske taal en kultuer. Dat freget om in gemeente dy't net op ôfstân stiet, mar midden yn de mienskip oanwêzich is. Dêrom is Achtkarspelen in útfieringsgemeente: in gemeente dy't tichteby is, praktysk helpt, ôfspraken neikomt en tegearre mei de mienskip wurket oan leefbere doarpen en goede foarsjenningen.

Wy steane oan it begjin fan in nije faze. Mei ús jonge en entûsjaste organisaasje wurkje wy oan de opbou fan Achtkarspelen. Dêr hawwe wy in goede start mei makke en dêr binne wy grutsk op. Dochs bliuwe der ek útdagingen. De gemeente krijt hieltyd mear taken en ferantwurdlikheden. Dêrom geane wy foarsichtich mei ús jild om. Wy binne earlik oer wat wy wol en net betelje kinne. Wy hâlde in goede sparpot oer, mar sjogge wol oft wy in part fan ús sparjild brûke kinne foar ús plannen. Kosten dy't alle jierren weromkomme, betelje wy ek út jild dat we struktureel krije. It wichtichste is dat wy ús jild nuttich besteegje.

Dit programma foarmet de basis fan ús bestjoersakkoart en is ta stân kaam mei ynbring fan alle partijen en de jongerenried. It smeit de ferbining tusken ús politike ambysjes, de amtlike organisaasje en ús ynwenners dêr't wy it allegear foar dogge. Dêroer wolle wy net allinne oan de ein fan de bestjoersperioade ferantwurdig ôflizze, mar ek tuskentiidsk yn de foarm fan in 'midterm-review'. Wy bouwe de kommende jierren oan in krêftige, fleksibele en finansjeel sûne organisaasje dy't klear is foar de takomst en tsjinstber oan ús ynwenners. It meitsjen fan skerpe karren en it stellen fan heldere prioriteiten by de ynset fan minsken en middels binne needsaaklik. Dat freget om in takomstfyzje op ús gemeente. In goede balâns tusken polityk-bestjoerlike ambysje en de útfieringskrêft fan de organisaasje is dêrby ûnmisber.

Om ús ambysjes wier te meitsjen wolle wy tûk gearwurkje. Dêrby kieze wy foar aktive regionale gearwurking by opjeften dy't de gemeentegrinzen te boppe geane, lykas wenjen, mobiliteit, ekonomy, soarch en enerzjytransysje. Fia ûnder oare ANNO, Regio Deal II, it Nasjonaal Programma Fitale Regio's en EuropaPact Fryslân wurkje wy gear oan in sterke, leefbere en takomstbestindige regio.

Dy gearwurking is net eksklusyf: dêr't dat ynhâldlike mearwaarde biedt, sykje wy neidruklik ek de ferbining mei oare regio's en gemeenten, lykas Westerkwartier en Smellingerlân. Dêrby wurkje wy aktyf gear mei maatskiplike partners, ûndernimmers en kennisynstellingen. By (regionale) gearwurking hâldt de gemeente rezjy, soarget foar lokale belangen en demokratyske kontrôle. Gearwurkingen binne transparant en wurde periodyk evaluearre op resultaat, tafoege wearde en bestjoerlike hâldberens.

It fertrouwen yn de polityk en oerheid stiet ûnder druk. Dat freget om in gemeentlike organisaasje en politike kultuer dy't iepen, betrouber en tagonklik is. Dêrby heart ek in bestjoer dat lokale belangen troch alles hinne ferdigenet yn De Haach.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy wolle boppe-op lanlik of provinsjaal belied gjin ekstra eigen easken, regels of prosedueres oplizze.
- Wy sjogge it ferbetterjen fan de (digitale) tsjinstferliening oan ynwenners, bedriuwen en maatskiplike partners as in spearpunt. In bywurke fyzje op tsjinstferliening biedt dêrfoar de kaders en mooglikheden.
- Us ynset bliuwt in flugge, ienfâldige en doelmjittige fergunningferliening.
- Wy hantearje de fyzje op ynwennerspartisipaasje en de partisipaasjeferoarding as rjochtline foar it fersterkjen fan de lokale demokrasy troch ynwenners, ûndernimmers en organisaasjes aktyf te belûken.
- Wy fiere gjin referinda yn.
- Wy fiere ús wurksumheden safolle mooglik út mei eigen minsken. Allinnich as dat needsaaklik is foar de kontinuïteit en kwaliteit fan de organisaasje, of as de arbeidsmerk dêr oanlieding ta jout, hiere wy yn.
- Nettsjinsteande ferskate goede gearwurkingen en mienskiplike regelingen binne wy tebekhâldend mei it oerheveljen fan taken nei mienskiplike regelingen. Dat dogge wy allinnich as der in oantoanbere mearwearde is foar ús ynwenners, bedriuwen of organisaasje. Wy bliuwe kritysk op nut, needsaak en kosten.
- Wy geane troch mei de lobby foar in earlike en út te lizzen, takomstbestindige ferdieling fan it Gemeentefûns.
- Wy hifkje ekstra rykstaken op finansjele helberens. Is dy der net, dan sprekke wy it Ryk dêr dúdlik op oan troch passende finansiering te freegjen.
- Gemeentlike tariven en de OZB geane yn prinsipe net mear omheech as mei de ynflaasjekorreksje, útsein as grutte ynvestearringen of needsaaklike besunigingen om wat oars freegje.

PROGRAMMA 1: FEILIGENS



Ynwenners fan Achtkarspelen moatte har feilich en frij fiele. Feiligens giet net allinne oer hanthavening en kriminaliteitsbestriding, mar krekt ek oer sosjale stabiliteit, sûne gewoanten, striidberens en it behâld fan ús lokale tradysjes. Dat freget fan de gemeente in yntegrale en brede oanpak rjochte op previnsje, bewustwurding en passende hanthavening.

De wrâld om ús hinne wurdt ûnrêstiger en minder foarsisber. Ynternasjonale spanningen, digitale en politike oanfallen fia nepnijs nimme ta. Digitale fersteuringen en risiko's om fitale ynfrastuktuer hinne wurde hieltyd reëler. De needsaak fan in striidbere mienskip is dêrmei in gegeven. Dat is in mienskiplike ferantwurdlikens fan de gemeente, ynwenners, bedriuwen en ynstellingen. As gemeente moatte wy foldwaande taret wêze op needsituaasjes en witte wat ynwenners yn sokke situaasjes fan ús oan stipe ferwachtsje.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy geane troch mei ús ynset om alkohol- en drugsmisbrûk en gokproblemen tsjin te gean.
- Wy geane troch mei it gebrûk meitsjen fan ûnderfiningssakkundigen foar it jaan fan foarljochting op skoallen en by sportferieningen, mei bysûnder omtinken foar online as offline pesten.
- Wy geane, yn goed oerlis mei de plysje, troch mei it oantrunen op foldwaande beskikbere kapasiteit, wêrby't de plysje-post yn Bûtenpost bestean bliuwt.
- Wy befoarderje de bewustwurdiging fan ynwenners, meiwurkers, riedsleden en kolleezjeleden om ûndermining te sinjlearjen en te ûnderkennen.
- Wy sette doelberet yn op it foarkommen fan kriminaliteit, benammen yn it bûtengebiet.
- Wy riede ús ta op de stelselwiziging fan de BOA's en fersterkje de ynterne krisisorganisaasje.
- Wy hâlde de besteande mooglikheden foar it karbidsjitten folslein yn stân.
- Wy stypje aktyf it winnen, oplieden en behâlden fan frijwilligers foar de brânwarkorpsen fan Bûtenpost, Droegeham en Surhústerfean.

PROGRAMMA 2: FERKEAR, FERFIER EN WETTERSTEAT



In goede berikberens is foar in plattelânsgemeente as Achtkarspelen fan grut belang foar de leefberens fan ús doarpen. Ynwenners moatte har feilich, betelber en tagonklik ferpleatse kinne; binnen de gemeente én nei foarsjenningen, wurk, ûnderwiis en soarch dêrbûten. Dêrom sette wy yn op in goede ynfrastuktuer, passende foarsjenningen foar it iepenbier ferfier en oare mobiliteitsoplossingen, sadat ferfiersearmoe foarkommen wurdt. Tagelyk hâlde wy oanhâldend omtinken foar de ferkearsfeiligens yn ús gemeente, mei bysûndere soarch foar kwetsbere ferkearsdielnimmers.

De oerstap nei fossylfrij riden hat ynfloed op de mobiliteit yn ús gemeente. Wy hâlde rekken mei dizze ûntwikkelingen en ynvestearje ûnder oare yn de útwreiding fan it laadnetwurk. Mei Wetterskip Fryslân wurkje wy oan in wetterbestindich Achtkarspelen, dêr't wy mei doelbewuste karren yn de iepenbiere romte wetteroerlêst beheine en soargje foar in goede wetterôffier.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy meitsje yn oerlis mei de provinsje de ferkears situaasje by de krusing Reitsmastrjitte/Betonwei yn Harkema feiliger.
- Wy geane troch mei ús ynset foar foldwaande en goed ûnderhâld fan wegen en fytspaden, Tagelyk freegje wy Ryks wettersteat en de provinsje om deselde ynset te toanen foar it ûnderhâld fan de ynfastruktuer dêr't sy ferantwurdlik foar binne.
- Wy stribje nei foldwaande iepenbiere laadpeallen.
- Wy sykje nei mooglikheden om de ferkearsproblematyk fan de Dempfeart yn Surhústerfean te ferbetterjen.
- Wy wolle yn 'e mande mei de provinsje en omlizzende gemeenten feilige en flugge fytsrûtes realisearje.
- Wy wolle dat de ekstra sneltrein tusken Grins en Ljouwert ek in tuskenstop yn Bûtenpost makket.
- Wy sette troch mei de aktive lobby foar de busline Kollum – Bûtenpost – Surhústerfean – Drachten.
- Wy geane yn petear mei Arriva en ProRail om kameratafersjoch op stasjon Bûtenpost mooglik te meitsjen.
- De kommende jierren fiere wy aktyf lobby foar de ferfanging fan de brêge yn Koatstertille.

PROGRAMMA 3: ECONOMY EN LÂNBOU



Achtkarspelen is in gemeente fan oanpakkers, dêr't ûndernimmersgeast, selsredsumens en fakmanskip djip woartele binne. Dy krêft is fan grutte wearde foar ús lokale ekonomy en foar de leefberens yn ús doarpen. Yn de kommende bestjoersperioade wolle wy in gemeente wêze dy't ek op dat mêd tichteby stiet, meitinkt en dêr't it mooglik is fasilitearret.

Wy wolle romte jaan oan inisjatyf en ûntwikkeling. Dêr't it kin, ferminderje wy regeldruk en lizze wy gjin ekstra gemeentlike regels op boppe-op lanlike of provinsjale kaders, útsein as dat echt nedich is. Sa biede wy ynwenners, boeren en bedriuwen de romte om te ûndernimmen, te fernijen en fierder te bouwen oan in sterke takomst.

Wy kreëarje, letterlik en figuerlik, romte foar groei. Wy tinke mei mei bedriuwen dy't útwreidzje, fernije en takomstbestindich ûndernimme wolle. Dêrby hawwe wy each foar de krêft fan ús lokale ekonomy en foar it belang fan in fitale en fearkrêftige gemeente. Dêr't it mooglik is, passe wy maatwurk ta dat oanslút by de lokaasje en de omjouwing foar in optimaal gebrûk fan de krappe romte.

Ek yn ús ynkeapbelied hâlde wy útdruklik rekken mei de lokale ekonomy. Binnen de jildende oanbestegingsregels brûke wy de romte dy't der is om lokale ûndernimmers in earlike kâns te jaan.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy befoarderje in oantreklik en stimulearjend ûndernimmersklimaat. De bedriuwefunksjonaris spilet dêrby in wichtige rol.
- Wy hâlde fêst oan fergees parkearjen yn de hiele gemeente.
- Wy sette yn op de útwreiding en trochûntwikkeling fan besteande bedriuweterreinen mei foldwaande fariaasje, aktyf grûnbelied en ûndersykje de romte foar nije lokaasjes.
- Wy wolle mear en better sjen litte hokker kânsen de gemeente Achtkarspelen en de bedriuwen yn de gemeente jongeren te bieden ha, bygelyks troch it organisearjen fan staaazjes of banemerken.
- Wy biede romte oan en stimulearje lytsskalige oan-hûs-bûne aktiviteiten, passend by de lokale situaasje en binnen wat op it plak sels mooglik en ferantwurde is.
- Wy wolle gjin datasintra yn ús gemeente.
- Wy ûntwikkelje de hjoeddeistige ekonomyske ûntwikkelaginda fierder, wreidzje dy út dêr't dat mooglik is en bringe dy aktyf ûnder de oandacht.
- Wy ûndersykje de ferheging fan de maksimale bouhichte op bedriuweterreinen, dêr't dat mooglik en passend is.
- Wy biede dêr't dat mooglik is romte foar ferbreiding yn de agraryske sektor, lykas kampearjen by de boer, en foar werbestimming fan frijkommende pleatsen en wenten.
- Wy steane allinne útwreiding fan yntinsive feehâlderij ta as der sprake is fan miljeuwinst foar de omjouwing of ferbettering fan it bistewolwêzen.
- Wy wolle gjin Natura 2000-gebieten.
- Wy stypje agrarysk natuer- en lânskipsbehear.
- As it Ryk mei nije easken komt foar de hoemannichte romte it bist, fergrutsje wy, dêr't dat binnen de wetlike mooglikheden kin, de boublokken fan ús agraryske ûndernimmingsen nei ferhâlding.

PROGRAMMA 4: ÛNDERWIIS



Goed ûnderwiis en passende ûnderwiishúsfesting binne fan grut belang foar de ûntwikkeling fan bern en jongerein. En dêrmei foar de takomst fan Achtkarspelen. Dêrom sette wy yn op it behâlden en fersterkjen fan kwalitatyf goed ûnderwiis en op skoalgebouwen dy't feilich, sûn en takomstbestindich binne. De opjefte op it mêd fan ûnderwiishúsfesting is grut en freget yn dizze bestjoersperioade om flinke ynspanningen, mei in grutte ynfloed op de begrutting. Wy meitsje dêryn soarchfâldige karren, mei it belang fan bern en de kwaliteit fan it ûnderwiis foarop.

De kwaliteit fan skoalgebouwen hat streekrjocht ynfloed op it wolwêzen fan bern en harren learprestaasjes. Dêrom ynvestearje wy, binnen ús finansjele mooglikheden, yn ûnderwiishúsfesting dy't bydraacht oan in goede en stimulearjende learomjouwing. Dêrby hâlde wy each foar it ferskaat yn it ûnderwiis en foar it behâld fan de eigen identiteit fan skoallen, yn oerienstimming mei kêst 23 fan de Grûnwet. Gearwurkingsskoallen binne foar ús gjin doel op harsels, mar kinne in passende oplossing wêze as sy bydrage oan de kwaliteit, berikberens en kontinuïteit fan it ûnderwiis.

Mei it belied foar gelikense ûnderwiiskânsen sette wy troch mei ús ynset op in trochgeande line yn learen en soarch. Dêrom sille wy de gearwurking tusken ûnderwiis en soarch stypjen bliuwe, sadat bern yn in feilige lear- en leefomjouwing opgroeie kinne en ta bloei komme kinne.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy hâlde fêst oan it útgongspunt út it Yntegraal Húsfestingsplan dat alle doarpen in basisskoalle hawwe.
- Wy stimulearje it oanbod fan fakûnderwiis yn de gemeente dat oanslút by de wurkgelegenheid. Dat dogge wy bygelyks troch wurk-leartrajekten by ús ûndernimmers te stimulearjen.
- Wy wolle it mbû-ûnderwiis yn de regio behâlde en fierder stimulearje.
- Betide sinjalearing fan problemen yn it ûnderwiis en yn de thússituaasje is essinsjeel foar passende stipe. Dêrom geane wy troch mei de ynset fan de GIS-meiwurker en jongereinwurker yn de skoalle.
- Wy sette aktyf yn op it werombringen fan skoalfersom en stimulearje in doelfêste oanpak om dat foar te kommen en tsjin te gean.
- Letterswakkens is in oandachtspunt dat om in doelberette ynset freget. Dêrom stimulearje wy it oanbod en gebrûk fan foar- en ierskoalske edukaasje (VVE) om efterstannen yntiids foar te kommen.
- Wy sette neidruklik yn op de ûntwikkeling fan de Kampus Bûtenpost as oantruner fan ûnderwiis, ynnovaasje en ekonomyske fersterking yn de regio.
- De tariedingen foar de ferfanging/renovaasje fan de trije basisskoallen yn Koatstertille wurde mei faasje oppakt.
- Wy wurkje deroan dat alle skoallen it A-profyl foar de Fryske taal helje en behâlde.

PROGRAMMA 5: SPORT, KULTUER EN REKREAASJE



Yn dit programma lizze wy de basis foar in fitale en leefbere gemeente. Sport, kultuer en rekreaasje binne de motors fan ús sosjale hert, dêr't ús Fryske taal as weardefolle ferbiner sintraal yn stiet. Se bringe minsken byinoar, fersterkje de identiteit fan doarpen en biede ynwenners de gelegenheid om mei te dwaan, har te ûntwikkeljen en inoar te moetsjen.

Sport, kultuer en rekreaasje moatte foar elkenien tagonklik wêze. Sportferieningen, kulturele ynstellingen en oare (lokale) inisjativen spylje dêryn in kaairol. Wy stypje ferieningen en organisaasjes dy't har ûntwikkelje ta iepen en tagonklike plakken dêr't sport, kultuer en moeting byinoar komme. Dêrby soargje wy foar dúdlikens oer takomstbestindich sportakkommodaasjebelied, sadat ferieningen harren leden no en yn de takomst optimaal fasilitearje kinne.

Achtkarspelen wurdt karakterisearre troch syn grutte en griene karakter yn in prachtich kûlisselânskip. Dat biedt kânsen foar rekreaasje en toerisme. It fierder ûntwikkeljen fan in goede (fyts)ynfrastruktuer draacht dêr oan by. Wy stimulearje de útwreiding fan duorsume lytsskalige rekreaasje dy't past by it lânskip en de identiteit fan de Noardlike Fryske Wâlden. Sa fersterkje wy de leefberens fan ús doarpen en stypje wy de lokale ekonomy mei each foar ynwenners, rêst en natuer.

De Fryske kultuer, taal en identiteit foarmje in wêzentlik en sichtber ûnderdiel fan it lokale karakter fan ús gemeente. Fanút dy oertsjûging fiere wy mei yngong fan 1 jannewaris 2029 Fryske plaknammen yn. Dêrfoar stelle wy in útfieringsplan op, rjochte op it opnimmen fan de Fryske plaknammen yn de Basisregistraasje Adressen en Gebouwen. Dêrby jildt as útgongspunt dat de Fryske plaknammen gemeentebreed ynfierd wurde. Útsûnderingen binne allinnich mooglik op histoarysk-taalkundige grûnen.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy stimulearje en fasilitearje de komst fan grutte (sport)eveneminten. Dêrmei fersterkje wy net allinnich de lokale ekonomy, mar ek de ûnderlinge ferbûnens.
- Wy sille ûndersykje op hokker wize en yn hokker foarm wy bern en jongerein leechdromplich yn 'e kunde komme litte kinne mei ferskillende sporten en kultuer yn ús gemeente, bygelyks troch de ynfiering fan in jeugdsport- en jeugdkultuerpas by eigen ferieningen yn ús gemeente.
- It moat foar alle bern mooglik wêze om in swimdiploma te heljen. Foar minima bliuwt in stiperegeling bestean om swimles yn de eigen gemeente mooglik te meitsjen.
- Wy stypje it folweardich iepenbliuwen fan swimbad "Wetervlecke".
- Wy realisearje yn dizze bestjoersperioade in unifoarm, dúdlik en breed droegen sportakkommodaasjebelied.
- Wy sette de stipe oan De Wâldsang, ús muzykskoalle dêr't Achtkarspelen grutsk op wêze kinne, troch.
- Wy fiere mei yngong fan 1 jannewaris 2029 gemeentebreed Fryske plaknammen yn troch opname yn de Basisregistraasje Adressen en Gebouwen.
- Wy sette ús yn foar it behâld fan biblioteken yn Bûtenpost en Surhústerfean.
- De lokale omrop RTVNOF is en bliuwt wichtich en moat oeral yn de gemeente beskikber wêze. Wy trune der by de Ryksoerheid op oan om te soargjen foar foldwaande en passende finansiering, sadat de lokale omrop der net op efterútgiet en op syn minst likefolle jild kriget as op grûn fan it hjoeddeiske stelsel.
- Wy sille trochgean mei it stypjen fan koaren en korpsen, om't sy ûnmissbere skeakels binne foar de leefberens en identiteit fan doarpen en kearnen.
- Wy sette troch mei it sichtber meitsjen fan de rike skiednis fan Achtkarspelen mei buorden en ynformaasjepylers.
- Wy sette troch mei ús aktive ynset foar it behâld fan karakteristike en byldbepalende pannen.
- Skûtsje Nooitgedacht moat ôfmakke wurde en foar Achtkarspelen beholden bliuwe.
- It gebrûk fan it Frysk is yn ús gemeente fanselsprekkend as omgongstaal en as taal by formele gearkomsten. Om it eigen taalgebrûk te stimulearjen, nûget de gemeente minsken út Frysk te praten, te skriuwen en dat konsekwint ta te passen.
- De gemeente is gjin ûndernimmer. Wy rinne it proses troch dat foar De Kruidhof liede moat ta in dúdlik fêststelde koers. De Eettuin bringe wy earne oars ûnder.
- Yn ôfstimming mei doarpsbelangen en grûneigners geane wy troch mei sykjen nei kânsen foar útwreiding fan kuier- en fytsmooglikheden troch safolle mooglik âlde tsjerke-, fyts- en jaachpaden op te knappen. Dêrby geane wy aktyf op 'e siik nei ko-finansiering.
- Wy wolle it oanbod fan iepenbiere húskes yn de gemeente útwreidzje.
- Wy sette yn op it útwreidzjen fan ferbliuwsakkommodaasjes lykas campings, fakânsjeparken, hotels en B&B's.

PROGRAMMA 6: SOSJAAL DOMEIN



Wy wolle in gemeente wêze dêr't elkenien meidwaan kin en deselde kânsen kriget. Yn ús belied geane wy út fan de krêft fan de mienskip. In echte mienskip betsjut dat wy der foarinoar binne, krekt as stipe nedich is. Wy sjogge de mearwearde fan ynformele soarch yn 'e foarm fan mantelsoarch en soarch dy't bygelyks troch tsjerken en ferieningen bean wurdt.

Wy foarkomme problemen leaver as dat wy dy efterôf behannelje moatte en sette dêrom folop yn op previnsje. Om't problemen faak net op harsels steane, pakke wy dy safolle mooglik yn gearhing en by de oarsaak oan.

Om goede soarch en stipe biede te kinnen, geane wy mei oare gemeenten troch mei lobbyen foar foldwaande finansjele middels fanút it Ryk. Tagelyk soargje wy derfoar dat de útjeften yn it sosjaal domein binnen de perken bliuwe. By alles wat wy dogge, steane de maatskiplike opbringsten foar ús ynwenners sintraal. Ynwenners dogge nei eigen fermogen mei en wurkjen leannet.

ÚTGONGSPUNTEN

- De bystân is in tydlik fangnet. Wy moedigje minsken oan om sa gau mooglik wer oan it wurk te gean, want wurkjen leannet. Fan ynwenners mei in útkearing dy't wurkje kinne, ferwachtsje wy dat sy in part fan harren tiid nuttich besteegje oan de mienskip. De tsjinprestaasje by de langduorjende taslagen bliuwt bestean. Wy geane troch mei de MOA en wreidzje aktiviteiten út dêr't dat mooglik is. De wurk-learprojekten dy't minsken helpe by it setten fan de stap nei in reguliere baan hâlde ús stipe.
- De kommende fjouwer jier ûndersykje wy oft de ynkommensgrins foar ynkommensstypjende regelingen en minimafoarsjenningen omheech kin, bygelyks om mear jongeren sporte te litten. Dêrby weagje wy de finansjele gefolgen en effekten mei.
- Wy wolle problemen foarkomme ynstee fan behannelje, yn line mei de lanlike Herfoarmingsagenda Jeugd. Troch der betiid by te wêzen, foarkomme wy letter hegere kosten. Dat dogge wy by de jeugd én by de Wmo, bygelyks troch petearen oan de foarkant en it yntiids sinjalearjen fan skulden.
- It gebietsteam op skoallen (GIS) en de POH-jeugd (praktykstiper fan de húsdokter) by de húsdokters bliuwe bestean. Skiedingen binne foar alle belutsenen yn in protte opsichten yngripend. De wurkwiize fan it gebietsteam rjochtet him primêr op de yngripende gefolgen dy't in skieding foar bern hat.
- Wy wolle mear tafersjoch hâlde op de kwaliteit en kwantiteit fan soarch om ûnrjochtmjittich gebrûk fan soarchjild foar te kommen. Wy trede op tsjin misbrûk.
- By de ynkeap fan Wmo-soarch stiet de ynwenner foarop en hawwe wy omtinken foar lytse, lokale soarchoanbieders.
- Wy wolle de húsdokters safolle mooglik behâlde yn de doarpen. It behâld fan dy lokale soarch en in brede tagong ta soarch foar al ús ynwenners binne foar ús wichtich.
- Wy fine de leefberens fan de doarpen wichtich. Dêrom wolle wy dat yn elk doarp it doarpshûs of kluphûs bestean bliuwt. Wy kompensearje harren foar de OZB en de fersekeringen om sa in takomstbestindige eksploitaasje fan doarpshuzen te krijen.
- Subsydzjes foar sosjaal-kultureel wurk geane safolle mooglik streekrjocht nei de aktiviteiten fan frijwilligers yn de doarpen.
- Jongereinwurk hat grutte mearwearde yn it ferbinen fan jongeren. De maatskiplike druk om perfekt wêze te moatten, mei troch sosjale media, soarget foar tanimmende iensumens en mentale druk ûnder jongerein. It jongereinwurk rjochtet him dêrom op yntiidse sinjalearing, wolwêzen en previnsje, en ferwiist troch dêr't dat nedich is.

PROGRAMMA 7: FOLKSSÛNENS EN MILJEU



In sûne leefomjouwing is fan grut belang foar de leefberens yn Achtkarspelen. Wy sette yn op it befoarderjen fan de folkssûnens en it beheinen fan miljeubelesting, mei omtinken foar previnsje en aktuele maatskiplike opjeften.

Wy kieze foar in saaklike, nochtere en útfierbere oanpak, rjochte op de praktyk yn ús doarpen. De ynset rjochtet him op it fersterkjen fan besteande foarsjenningen, it stypjen fan doelbewuste lokale behoeften en it stimulearjen fan duorsume ûntwikkelingen, mei each foar betelberens en draachkrêft.

Dêrby slute wy oan by provinsjale en lanlike kaders en foarkomme wy ûnnedige regeldruk. Op dy manier wurkje wy doelfêst oan it behâld en de fersterking fan in sûne en takomstbestindige leefomjouwing.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy sette ús yn foar it behâld fan in brede tagong ta soarch yn ús gemeente (húsdokters en oare soarch).
- Wy rjochtsje ús op it werombringen fan de tanimmende problematyk om iensumens hinne.
- Om't it gebrûk fan harddrugs, softdrugs, alkohol, smoken en gokken skealik is foar de sûnens en de mienskip, moat der goede en realistyske foarljochting bliuwe en mear en better tafersjoch wêze.
- Wy jouwe praktyske útfiering oan it fêststelde plan foar mentale sûnens, dêr't ek de oanpak fan suïsideprevinsje oan keppele is.
- Wy folgje wat ambysje oanbelanget it provinsjale of lanlike belied op it mêd fan duorsumens en lizze dêrby gjin ekstra gemeentlike regels op.
- Wy stimulearje en ferliede ynwenners ta it treffen fan duorsumensmaatregels. De gemeentlike ynset en lanlike middels rjochtsje wy spesifyk op ynwenners mei in leech ynkomen en relatyf hege enerzjylêsten fia in doelfêste oanpak.
- Wy sette troch mei it folgjen fan de sinneljedder yn it duorsumensbelied en jouwe dêrby prioriteit oan sinnepanelen op dakken.
- Lytse wynturbines by agraryske bedriuwen foar eigen gebrûk bliuwe tastien. As de provinsje dat tastiet, wreidze wy dat út nei bedriuweterreinen.
- Wy stimulearje enerzjykoöperaasjes binnen de provinsjale kaders troch aktyf mei te tinken en te stypjen mei kennis, prosedueres en fergunningen, wêrby't de finansjele middels de eigen ferantwurdlikens fan de koöperaasjes sels bliuwe.
- Wy trune by de netwurkbehearder (Liander) oan op ferbettering fan de ynfrastuktuer (fan middenspanning nei leechspanning) om te soargjen foar foldwaande oanslutingsmooglikheden foar nije wenten, bedriuwen en laadpeallen.
- Wy ûndersykje de foar- en neidielen fan ekstra ynspanningen om de skiedingsdoelstellingen te heljen, bygelyks fia diftar of optimalisaasje fan de besteande ôffalynsammeling, mei as doel de ôffalstoffehewing foar ynwenners te ferleegjen.
- Wy steane foar kwalitatyf goed ûnderhâld fan it gemeentlik grien, mei each foar bioferskaat en feiligens. It stribjen is rjochte op in goed lykwicht tusken lânbou, rekreaasje, natuer, lânskip en leefberens.
- De typyske lânskipsstruktuer fan dykswâlen en elziesingels moat beholden bliuwe. Wy fasilitearje ynwenners dy't aktyf dwaande binne mei it lânskipshandling fan de Noardlike Fryske Wâlden en soargje derfoar dat sy ûnder betingsten harren snoei- en ôffalhout sels ferbaarne meie of op ienfâldige wize ôffiere kinne.
- Wy sette troch mei oantrunen op maatregels dy't derfoar soargje dat de wolf him net yn Achtkarspelen fêstiget.

PROGRAMMA 8: FOLKSHÚSFÊSTING, ROMTLIKE OARDERING EN WENNINGBOU



Yn Achtkarspelen steane wy de kommende bestjoersperioade foar betsjuttingsfolle opjeften dy't streekrjocht reitsje oan de leefberens en it karakter fan ús gemeente. It oplossen fan it wenningtekoart hat dêrby ús hege prioriteit. Spesjaal omtinken hawwe wy foar starters, jongerein en âlderein, sadat sy yn de eigen gemeente wenjen bliuwe kinne. Wy bouwe fierder op de wenningbouprojekten dy't de ôfrûne perioade goed op stoom kommen binne, mar wy binne der noch net. Wy wolle projekten mei faasje oppakke en dêr't it mooglik is ekstra maatregels nimme om earder bouwe te kinnen.

Njonken dizze folkshúsfestingsopjeften lizze der grutte útdagingen op it mêd fan de romtlike oardering. De foarkarsrûte dy't foarsteld is foar in nije heechspanningsferbining hat grutte gefolgen foar ús ynwenners. Boppedat rekket dy ús unike kûlisselânskip en de kânsen foar rekreaasje en toerisme. Dêrnjonken nimme wy op in ferantwurde wize ús maatskiplike ferantwurdlikens oangeande de lanlike opjeften foar de opfang fan frjemdlingen.

ÚTGONGSPUNTEN

- Wy wolle dat starters mei in sosjaal-ekonomyske bining mei de gemeente mear kâns krije op in wenning.
- By nije projekten sjogge wy nei in selsbewenningsplicht en de mooglikheid om in part fan de nijbou te reservearjen foar ynwenners mei in sosjaal-ekonomyske bining mei de gemeente, sûnder al te folle regels en útfieringslêsten.
- Wy fiere in leechstânsbelesting yn foar wenten dy't langer as tolve moanne leech steane.
- De koälysjepartijen nimme harren ferantwurdlikens en ferbine har oan de útfiering fan de Spriedingswet. It foldwaan oan dy wetlike opjefte is in fêststeand feit, om't de minister de gemeente dêr skriftlik oer ynformearre hat en de Ryksoerheid úteinset is mei aktive hanthavening, wat liede kin ta "yn it plak stellen". Dat betsjut dat wy dan sels gjin rezjy mear hawwe. Dêrom meitsje wy de bewuste kar om sels de rezjy te hâlden, sadat wy rjocht dogge oan de draachkrêft en it karakter fan ús gemeente. Ferskate opfangmodellen wurde iepen en transparant ôfwoegen op helberens en ympakt, wêrby't ek sjoen wurdt nei regionale gearwurking. Dêrby folgje wy in soarchfâldich partisipaasje-proses om ta in heldere útlis en ûnderbouwing te kommen nei de ried en de mienskip ta oer de ferskate opsjes en de byhearrende gefolgen, sadat in breed ôfwoegen kar mei safolle mooglik draachflak makke wurde kin.
- Wy sette it besteande belied foar de opfang fan Oekraïners fuort, mei de beweging fan needopfang nei mear duorsume opfang.
- It belied foar statushâlders wurdt fuortset.
- Wy binne fûl tsjin de foarkarsrûte fan de nij te bouwen 380 kV-heechspanningsferbining (Vierverlaten-Ens) troch ús unike kûlisselânskip en meitsje ús grutte soargen oer de gefolgen foar omwenners. Mocht de foarkarsrûte dochs de definitive rûte wurde, dan easkje wy foar de omwenners in ferbettere opkeapregeling en in romhertige tapassing fan de neidielkompensaasje. Dêrnjonken sette wy yn op in ferbettere gebietsfûnsregeling (no € 150.000 per strekkende kilometer, sa'n € 2,1 miljoen euro yn totaal) om de skea oan ús lânskip te kompensearjen.
- Wy sette yn op de útwreiding fan de wenningbou yn alle doarpen nei 'fraach en ferlet'. Dêrby is sawol ynbreiding as útwreiding fan de doarpen mooglik.
- Wy jouwe in ekstra ympuls oan de wenningbou en stelle dêr jild foar beskikber om op koarte termyn ta fersnelling te kommen yn de foarm fan in fersnellingsplan.
- Wy fasilitearje en stimulearje nije wenfoarmen, lykas lytse wenten, âldereinhofkes en wenjen op eigen hiem.
- Boargerinisjativen foar wenningbou stypje wy dêr't dat mooglik is.
- Wy ferromje de mooglikheden foar heechbou op lokaasjes dêr't dat ferantwurde kin en passend is yn de situaasje.
- Wy pleitsje foar in aktive oanpak fan fertutearze pannen om ferpaupering fan de doarpen tsjin te gean.